



„Sjong de Heare” út Easternijtsjerk ûnder lieding fan F. Hofma

Trije jounen sjonge om Kalverda-priis yn Ljouwert

Yn 'e Salvatortsjerke bigoun juster wer it Sjongersfeest fan it Boun fan Kristlike Sjongferieningen yn Fryslân. It wie it 143e en sil trije dagen duorje. De koaren wurde bioardiele troch de karmasters Y. G. Visser, fan Frjentsjer, J. Veninga fan Ljouwert en H. Pijlman fan Makkum. Foarsitter M. Feddema fan Hurdegaryp rekke der hwat mei oan meidat guon koaren der net wiene of op ien fan 'e oare dagen woene as yn it boekje stie. It kaem allegearre klear. De dirigint Arnold Feddema fan Moarmwâld waard efkes yn it sintsje set omdat hy aensen fyftich jier oargenist west hat.

Ofdieling B:

„Sjong de Heare” fan Easternijtsjerk (dir. F. Hofma). It forplichte nûmer waard hwat ynhâlden „men koe jin de sópraen hwat sterker foarstelle. Sa bleau it hwat biskieden. Nou giet dit Beati Mortui oer de deaden. Men koe de geve klank fan dit koar noch better bioardielje yn „U heb ik lief” fan Joh. Eccard.

Heech (manlju) 309 pt, 2e priis;
Easternijtsjerk 353,5, 1; Dronryp 344, 1; St.
Jabik 337, 1; Easthim/Abbegea 342,5, 1;
Urterp 339, 1; De Westerein 339,5, 1; Hantum
348, 1; Snits 325,5 2; Ingwierrum 325, 2;
Drachten 353, 1.